

# Algemeine Ledegearkomste 2017 & Boekpresintaasje

**Te hâlden op tiisdei 14 maart 2017**  
**Kafee Wouters Sophialeane 5 te Ljouwert**  
**Tiid: 19.30 oant 21.45 oere**

**TINK OM DE  
NIJE DATUM!**

Achte leden fan it Obe Postma Selskip,

Hjirby nûgje ik jo út namme fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip út foar de jierlikse ledegearkomste. Dy gearkomste wurdt hâlden op tiisdei 14 maart 2017 (fanwege de ferkiezingsen hawwe wy de oarspronklike datum in dei nei foaren skood) en wol yn Kafee Wouters te Ljouwert. De wurklist fan it húshâldlik part en it programma fan it ynhâldlik part fine jo ûndersteand.

Wolle jo, yn gefal jo dizze ledegearkomste bywenje wolle, my dêrfan efkes op 'e hichte stelle? It leafst fia in e-mail nei [jan@gulmans.com](mailto:jan@gulmans.com).

Mei freonlike groeten, Jan Gulmans, skriuwer

## **Wurklist Algemeine Ledegearkomste**

- 1 Iepening.
- 2 Mûnling jierferslach 2016, troch Jan Gulmans, skriuwer.
- 3 Werom- en foarútsjen: meidielingen oer 2016 en plannen oangeande 2017/2018, troch George Huitema, foarsitter.
- 4 Finansjele saken: finansjeel ferslach 2016, kaskommisje, begutting 2017, troch Jan Guichelaar, ponghâlder.
- 5 Wat der mear op it aljemint komt.
- 6 Ôfsluting.

## **Skofft**

**Boekpresintaasje: 'Obe Postma - In libben dat bloeide nei syn aard'** (Sjoch oare side)

## **CONTRIBUTIE 2017**


**VAN DE PENNINGMEESTER**

Een aantal leden heeft reeds de contributie over 2017 betaald. Wij verzoeken de leden die nog niet betaald hebben spoedig hun contributie van € 17,50 voor het jaar 2017 te betalen op bankrekeningnummer NL74 ABNA 0437 4436 20 t.n.v. Obe Postma Selskip.

## BOEKPRESINTAASJE

Obe Postma

# *In libben dat bloeide nei syn aard*



*It ferhûget it bestjoer fan it Selskip dat troch de ynset en fêsthâldendheid fan de twa auteurs, Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer, slagge is in nij boek yn de Obe Postma Rige it ljocht sjen te litten wat libben en wurk fan Postma yn de folle breedte beskriuwt en analysearret.*

Nei it skoft sille de twa auteurs oan it wurd komme, te witten Tineke Steenmeijer, âld-direkteur fan it FLMD te Ljouwert, freget omtinken foar har part fan it boek, *Obe Postma, in libben dat bloeide nei syn aard*. Tineke jout yn it boek - ûnder de titel *Al wat ik skriuw, dat is wier bard* - in skets fan it libben fan Obe Postma op basis fan syn fersen, brieven en oare teksten, fan famyljeoan-tekeningen, argiven, publikaasjes en ferhalen. Dêrnei sil Geart van der Meer op 'e tekst oer syn part fan it boek, ûnder de titel *Fier haw ik myn dreamen weide / En de himmel iepen sjoen*. Alle bondels fan Postma binne yn dat diel fan it boek troch Geart yngeand besprutsen.

Nei de foardrachten fan de auteurs sil it earste eksimplaar fan it nije boek presintearre wurde.

Uteraard sil it boek op dizze jûn ek foar de OPS leden te krijen wêze en wol foar in spesjale ledepriis. It boek (útjouwer Elikser, omslach Peter Boersma), mei mear as 425 siden en illustreard mei foto's, sil mei in stiif kaft €40,- komme te kostjen de 'peperbek' sil útsoarte goedkeaper wêze, en sil €30,- kostje (yn 'e boekhannel sil dat resp. €49,50 en €34,50 wêze).

Wolle jo bij de skriuwer (fia e-mail: [jan@gulmans.com](mailto:jan@gulmans.com)) ek alfêst oanjaan oft jo in boek (hurd kaft of peperbek) oantuge wolle: dan hâlde wij dêr rekken mei. Nim dan graach past jild mei.

Obe Postma Selskip